

KRYPTOGRAM 204a

Horizontaal:

8 It suertsje iet de belle fleur net yn Berlyn op (6) 9 Dêrmei giet it in mûnder foar de wyn (8) 10 De kleur fan ien dy 't op de operaasjekeamer wurket (4) 11 Mei muzyk fan kale boaten (10) 13 Ljochtjaand ûnecht lichemsdiel (9) 15 Moat in skoalbern kenne om it ien en oar op te stekken (5) 16 Waarm iten fan in Etna fornús (7) 18 Dy tennisers binne op slach yntinsive ynternetbrûkers (7) 20 Golfjochting (5) 21 Froulike fariant op de fjochthûn (9) 23 Planten met omtearde bledsjes (10) 25 Bringt muzyk op in heger nivo (4) 26 Simmer en winter Magnums ite (8) 27 Skynt in rinnend fjoerke te wêzen (6).

Fertikaal:

1 Nei in botsing yn it konservefabryk (8) 2 Hjir is de boaiem klear (6) 3 Sa 'n klinyk fyn ik net yn It Fean passen (4) 4 Yn dit keammerke krijt de gast útsmiters (12) 5 Dêrfoar is in breister yn tou (10) 6 Boltsje sûnder hier (8) 7 Miskien no en dan, mar meast let (8) 12 Dat makket spitsen gefaarlik (12) 14 Fleizige tit (10)

16 Dan hast kloaten as sportman (8) 17 Yn ferbân mei wurden (8) 19 Swart famyljelid fan de snipsnappert (8) 22 Lyts bier (6) 24 Dy fint is it suske fan myn neef (4).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 23 7 25 18 8 9 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan Kryptogram 204a. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: Kryptogram 204a.

De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **11 mei** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in boekebon ferlotte.

BOEKENBON t.w.v. €25,-




Kryptogram 203a:

Plaknamme:

JISLUM

Winner Boekebon:

S. Bierma-Dankert, Hallum



LEEWARDER COURANT

29-4-2023